

# PERSBERICHT

Nummer: 172 NDB  
Datum: 28 november 2022

## Gemeenschappelijk Landbouwbeleid: welkom in Sneek op 14 december

Het Gemeenschappelijk Landbouwbeleid (GLB) verandert vanaf 1 januari 2023. Het richt zich op de verdere verduurzaming van de landbouw. Als boer kun je beloond worden voor ecologische maatregelen in je bedrijf. Er gaat wel iets veranderen in de voorwaarden die gelden voor het uitbetalen van de basispremie. Het GLB verandert daardoor voor boeren en het biedt ook kansen. Het Ministerie van Landbouw, Natuur en Voedselkwaliteit (LNV) en de Rijksdienst voor Ondernemend Nederland (RVO) praten boeren hier graag over bij. De Provincie Fryslân organiseert woensdag 14 december om 19:30 uur een bijeenkomst in het Van der Valk hotel in Sneek waar boeren en andere belangstellenden van harte welkom zijn.

Tijdens de bijeenkomst krijgen boeren nieuwe informatie over de voorwaarden, de zogenaamde conditionaliteiten, zoals bufferstroken, bodembedekking en gewasrotatie. Daarnaast komen de nieuwe eco-regeling, het agrarisch natuur- en landschapsbeheer (ANLb) en de gevolgen van het mestbeleid voor bepaalde gebieden aan bod. En boeren krijgen antwoord op logische vragen als: valt de bufferstrook op mijn bedrijf onder eco-regeling of ANLb? Of onder beide? Of: hoe combineer ik beide regelingen het beste? Kan ik aan beide regelingen meedoen? Daarover gaan we graag in gesprek.

Boeren en belangstellenden kunnen zich opgeven voor de bijeenkomst op 14 december om 19:30 uur in het Van der Valk hotel, Burgemeester Rasterhofflaan 1, 8606 KZ Sneek. Opgeven kan met deze link: [Wat betekent het GLB voor u?](#)

Meer informatie over het GLB: [Gemeenschappelijk landbouwbeleid \(GLB\) vanaf 2023 \(rvo.nl\)](#)

Vragen over de bijeenkomst? Stuur een mail naar [landbouwenvoedselproductie@fryslan.frl](mailto:landbouwenvoedselproductie@fryslan.frl)

Nûmer: 172 NDB  
Datum: 28 novimber 2022

## Mienskiplik lânboubelied: wolkom yn Snits op 14 desimber

It Gemeenschappelijk Landbouw Beleid (GLB) feroaret fan 1 jannewaris 2023 ôf. It rjochtet him op it fierder ferduorsumjen fan it buorkjen. As boer kinst beleanne wurde foar ekologyske maatregels yn dyn bedriuw. Der sil wol wat feroarje yn 'e betingsten dy't jilde foar it útbeteljen fan 'e basispreemje. It GLB feroaret dêrtroch foar boeren en it biedt ek kânsen. It Ministerie van Landbouw, Natuur en Voedselkwaliteit (LNV) en 'e Rijksdienst voor Ondernemend Nederland (RVO) prate boeren dêr graach oer by. De Provinsje Fryslân organisearret woansdei 14 desimber om 19:30 oere in gearkomste yn it Van der Valk hotel yn Snits dêr 't boeren en oare belangstellenden fan herte wolkom binne.

Op 'e gearkomste krije boeren nije ynformaasje oer de betingsten, de saneamde kondisjonaliteiten, lykas bufferstripen, boaiembedekking en gewaaksrotaasje. Dêrneist komme de nije eko-regeling, it Agrarysk Natuer- en Lânskipsbehear (ANLb) en 'e gefolgen fan it dongbelied foar bepaalde gebieten oan 'e oarder. En boeren krije antwurd op logyske fragen lykas: falt de bufferstripe op myn bedriuw ûnder eko-regeling of ANLb? Of ûnder beide? Of: hoe kombinearje ik beide regelingen it bêste? Kin ik oan beide regelingen meidwaan? Dêr geane wy graach oer yn petear.

De gearkomste op 14 desimber fynt plak om 19:30 oere yn it Van der Valk hotel, Burgemeester Rasterhofflaan 1, 8606 KZ Sneek. Oanmelde: [Wat betekent het GLB voor u?](#)

Mear ynformaasje oer it GLB: [Gemeenschappelijk landbouwbeleid \(GLB\) vanaf 2023 \(rvo.nl\)](#)

Fragen oer de gearkomste? Stjoer in mail nei [landbouwenvoedselproductie@fryslan.frl](mailto:landbouwenvoedselproductie@fryslan.frl)